

1 Timoteüs

1 Fan Paulus, in apostel fan Kristus Jezus yn opdracht fan God ús Rêder en fan Kristus Jezus ús hoop, 2 oan Timoteüs, myn eigen jonge op it mêd fan it leauwe: genede, ûntferming en frede fan God ús Heit en Kristus Jezus, ús Hear.

3 Doe't ik fierder reizge nei Masedoanië ta, haw ik dy sa ek bemoedige om yn Efeze te bliuwen. Want do moast dêr guon minsken it boadskip jaan, dat se ophâlde moasten de lju oare dingen te learen, 4 en net dwaande wêze moasten mei teltsjes en stamlisten sûnder ein. Dy bringe benammen splintersykjen en drage neat by oan it plan fan God, dat yn it leauwe te finen is. 5 Mar it doel fan it boadskip is dat der leafde ûntstiet, út in suver hert en in goed gewisse en in oprjocht leauwe. 6 Guon binne dêryn paadbjuster rekke en sadwaande ferfallen yn sinleaze praterij. 7 Hja wolle de wet ûnderwize, mar se begripe der neat fan, net fan wat se sizze en ek net wêr't se wakker oer beare. 8 Wy witte wol dat de wet de muoite wurdich is, as ien dy teminsten neffens de bedoeling derfan tapast, 9 mei dit útgongspunt, de wet is der net foar in rjochtfeardige, mar foar wetteleazen en dôfhûdigen, dy't har fan God noch gebod wat oanlûke en mar tasûndigje, alhiel losslein en inkeld fan dizze wrâld, foar guon dy't harren heit of har mem ombringe en minskemoardners, 10 foar guon dy't ferkearde relaasjes ûnderhâlde, dy't by jonge manlju op bêd krûpe en minsken ferkeapje, dy't deryn omlige en falske eden dogge, en wat der fierder ek mar yn striid is mei de heilsome rjochtlinen. 11 Sa sit it neffens it evangelje fan 'e keninklike hearlikheid fan 'e himelske God, dat tabetroud wurden is oan my.

12 Him dy't my dêrta de krêft jûn hat bin ik tankber, Kristus Jezus, ús Hear. Want hy hat betrouwen yn my hân doe't er my wer in opdracht joech. 13 En dat wylst ik earder ien wie dy't de gek mei him hie, dy't efter him oan siet en dy't him útdage – mar it is my net oanrekkene. Want ik woe fan neat witte en die neffens myn ûnleauwigens, 14 mar noch folle grutter wie de genede fan ús Hear dy't oer my kaam mei leauwe en leafde, de leafde dy't te finen is yn Kristus Jezus. 15 It sit sa, en hjir kinne wy op oan: Kristus Jezus is nei dizze wrâld ta kommen om sûnders te rêden, en dêrfan bin ik nûmer ien. 16 Mar krekt hjirom is dat my net oanrekkene, dat Kristus Jezus yn my as earste syn folsleine goedens sjen litte koe, by wize fan foarbyld foar dy't yn 'e takomst noch yn him leauwe sille om te kommen ta in ivich libben. 17 Oan 'e kening fan alle tiden, de ûnfergonklike en ûnsichtbere iene God, eare en gloarje yn alle ivichheid. Amen.

18 Dat boadskip betrou ik dy ta, Timoteüs myn jonge, op grûn fan 'e profetyske wurden dy't earder oer dy sprutsen binne. Yn dat ljocht moast de skoandere striid oangean 19

mei betrouwen en in goed gewisse. Guon hawwe har gewisse de kop ôfbiten en sadwaande binne se wat it leauwe oangiet op 'e klippen rûn. 20 Ik tink oan Humenaios en Aleksander, dy't ik hjirmei oan 'e duvel oerlit. Dan kinne se mar leare om net mei God de gek te hawwen.

2.1 Yn it foarste plak ried ik dy dêrom oan om te freegjen, te bidden, te smeejen en te tankjen foar iderien, 2 foar keningen en alle gesachsdragers. Dan libje wy rêstich en sûnder opskuor te jaan, en jouwe en krije wy oer alle boegen respekt. 3 Sa heart it en is it sin fan God ús Rêder, 4 dy't wol dat iderien rêden wurdt en yn 'e kunde komt mei de wierheid.

5 Want der is ien God

en ien middeler tusken God en minsken;

de minske Kristus Jezus

6 dy't himsels jûn hat as losjild foar allegearre,

it tsjûgenis op 'e troch God fêststelde tiid.

7 Dêrfan bin ik ferkundiger makke en apostel. Ik sprek de wierheid, ik liich net – in betrouber learaar fan 'e heidenen, ien dêr't men op oan kin.

8 Ik wol dus hjirop oan dat de manlju, oeral dêr't de gemeente byinoar komt, bidde mei de hannen tagedien omheech, sûnder lilkens of argewaasje. 9 Krekt sa wol ik dat de froulju harsels moai meitsje, ienfâldich klaaid, dimmen en ferstannich, net mei kapsels, goud, pearls of djoere klean, 10 mar mei goede deden. Dat past teminsten by froulju dy't sizze dat se har op God rjochtsje wolle.

11 In frou moat ek net op eigen manneboet dingen freegje, mar moat dat fia har man dwaan. 12 Sa fyn ik ek dat in frou net oan oaren ûnderrjocht jaan moat of bûten har man om optrede, mar rêstich bliuwe moat. 13 Adam waard ommers as earste foarme, en doe Eva pas. 14 Adam is ek net op 'e doele brocht, mar de frou is paadbjuster makke en dêrom is se alhiel op 'e doele. 15 Mar se sil rêden wurde troch it bern dat se krigen hat, as se teminsten trou en fol leafde libbet en har troch God liede litte wol, mei it ferstân foarop. Sa sit it.

3.1 As ien biskop wurde wol, dan stribbet er nei in funksje mei oansjen. 2 Dat betsjut, in biskop moat neat op te sizzen wêze, ien kear trou en net faker, sober, ferstannich, evenredich, gastfrij, dy't de dingen goed útlizze kin, 3 gjin wynsûper, net gewelddiedich, mar freonlik en freedsum en net jilderich. 4 Hy moat goed noed stean foar syn eigen húshâlding, syn bern moatte om syn sizzen jaan, de lju moatte rûnom by him opsjen. 5 Want as ien gjin noed stean kin foar syn eigen húshâlding, hoe sil er dan foar de mienskip fan God ferantwurdlik wêze? 6 Hy moat net ien wêze dy't noch mar krekt doopt is, oars kin er eigenwiis wurde en kriget de duvel it oer him te sizzen. 7 En hy moat op in goede namme

lizze by de minsken bûten de mienskip, oars wurdt him fan alles ferwiten en fangt de duvel him wer.

8 Diakens lyksa: achtber, earlik, net oan 'e wyn ferslingere en net ynklauwerich. 9 Hja moatte fêsthâlde oan it mystearje fan it leauwe en dêrby in suver gewisse hawwe. 10 Sokken moatte likegoed earst hifke wurde, en as dan blykt dat se sûnder lek of brek binne, dan kinne se oan 't wurk as diaken. 11 Dat jildt ek as it froulju binne: se moatte achtber wêze, gjin rabbelskûten, sober en fertroud yn alles. 12 Diakens moatte ien kear troud wêze en net faker, minsken dy't goed lieding jouwe oan har eigen bern en húshâlding. 13 Want guon dy't op in goede wize de funksje fan diaken útoefenje, krije in skoandere status en gâns gesach, en dat omdat se op Kristus Jezus betrouwe.

14 Ik skriuw dy dizze saken no, mar ik hoopje ynkoarten by dy te kommen. 15 En as dat noch efkes duorret, dan witst hoe't de lju har te hâlden en te dragen hawwe yn 'e húshâlding fan God, dat wol sizze de tsjerke fan 'e libbene God, pylder en fûnemint fan 'e wierheid. 16 Jawis, grut is it mystearje fan it oprjochte libben!

Hy is sichtber wurden yn in minskelichem,
is rjochtfearlich ferklearre troch de Geast,
ingels hawwe him te sjen krige,
hy is ferkundige oan oare folken,
hat leauwe fûn yn 'e wrâld,
is opnommen yn hearlikheid.

4.1 Mar de Geast seit mei klam dat yn it lêst fan 'e tiden guon minsken fan har leauwe ôffalle sille omdat, se folgje geasten dy't har op 'e doele bringe en oanwizings fan duvels. 2 Dat komt troch de mislieding fan ligers dy't har eigen gewisse tichtskroeid hawwe: 3 dy wolle minsken ferbiede om te trouwen en om beskate soarten iten te nimmen – iten dat God makke hat foar deselden dy't leauwe en bekend binne mei de wierheid om tankber fan te brûken. 4 Want alles wat God makke hat is goed en neat hoecht weismiten as jo it nimme en God derfoar tankje. 5 Want Gods wurd en ús bidden meitsje it hillich.

6 Asto de bruorren en susters dy dingen útleist, wurdsto in goed tsjinner van Kristus Jezus en krigesto krêft fan 'e wurden fan it leauwe en fan 'e skoandere oanwizings, dêr'tsto mei oertsjûging oanhinger fan bist. 7 Ferhalen sûnder doel en âldwivepraat moatst ôfwize. Moatst dy oefenje yn it oprjochte libben. 8 Want dyn lea oefenje hat mar in bytsje doel, mar it oprjochte libben hat altiten doel om't der in ûnthjit yn leit foar it libben no en yn 'e takomst. 9 Sa sit it en dêr kinne wy folslein op oan. 10 Dêrfoar binne wy ommers oan it wrotten en it wrakseljen, want ús hope is fêstige op de libbene God, de Rêder fan alle minsken en

benammen fan dy't leauwe. 11 Dy dingen moastst trochjaan en ûnderrjochtsje. 12 Net ien mei op dy delsjen omdatst noch sa jong bist. Moastst just yn wurd en died in foarbyld wurde foar dy't leauwe: troch dyn leafde, dyn trou en dyn suverens. 13 Oan it stuit ta dat ik kom moastst dy by it foarlêzen út 'e Bibel hâlde, by it jaan fan goeried en by it jaan fan oanwizings. 14 Moastst de bysûndere jefte net ferjitte dy'tsto by dy draachst en dy'tsto krige hast op grûn fan in profetysk wurd en mei hânoplizzen troch de ried fan âldsten. 15 Dy dingen moastst omtinken jaan, dy dingen moastst geduerich mei dwaande wêze, dat it foar alle gearre dúdlik is hoe bot oftsto fierderkomst. 16 Moastst dysels yn 'e gaten hâlde en de oanwizings dy'tst jouste; dy beide dingen moastst by bliuwe. Want dochst dat, dan wurdt dat dyn eigen rêding en fan 'e minsken dy't nei dy harkje.

5.1 Foeterje in âldere man net út! Nee, moastst him dyn miening jaan as wie it dyn heit, en oan jongere manlju as wiene it dyn broers, 2 oan âldere froulju as wiene it dyn memmen, oan jongere froulju as wiene it dyn susters – yn alle suverens!

3 Froulju dy't wier allinnich binne, moastst as widdofrou erkenne en in bedrach jaan. 4 Mar as in widdo bern hat of bernsbern, dan moat sa'nes earst leare om it goede foar har eigen húshâlding te dwaan en har plicht foar de foarteam oer nei te kommen. Want dat is goed yn 'e eagen fan God. 5 In widdo dy't wier allinnich is en net ien mear hat, kin alles by God opsette en nachts en deis trochgean mei bidden en smeejken. 6 Mar ien dy't der noflik hinne libbet, is by har libben al dea. 7 Dy dingen moastst ek trochjaan, dat der neat op harren te sizzen is. 8 Mar as ien net foar har eigen famylje en sels net foar har húsgenoaten soarget, dan hat sa'nes neat mear mei it leauwe en is hja noch minder wurdich as ien dy't net leaut.

9 In widdofrou kin op in list komme as se in âldens hat fan op syn minst sechstich jier, mei ien man trouwest hat en net faker 10 en bekend stiet om har goede deden: as se bern grutbrocht hat, as se gasten ûnderdak jûn hat, as se de fuotten fan 'e hilligen wosken hat, as se minsken yn 'e knipe bystien hat, as se har op alle soarten fan goede dingen talein hat.

11 Jongere widdowen moastst lykwols ôfwize. Want as se har nocht fan Kristus krije, wolle se wer trouwe 12 en dan binne se skuldich oan it ferbrekken fan har earder ûnthjit. 13 En boppedat, as se tefolle tiid hawwe, geane se ek noch de huzen bylâns om oanwizings – en net allinnich mei tefolle tiid mar ek mei rabberij en bemuoisucht, te praten oer wat gjin foech jout. 14 Ik wol dus dat jongere widdofroulju wer trouwe, in nije húshâlding begjinne, it yn eigen hûs wer foar 't sizzen hawwe, om sa gjin inkelde tsjinstanners gelegenheid te jaan om ús swart te meitsjen. 15 Want guon binne al fan it paad ôf rekke, efter de duvel oan.

16 As in leauwige frou widdowen yn 'e famylje hat, moat hja dy froulju stypje en se moatte net ta lêst fan 'e gemeente komme, dan kin dy de widdofroulju stypje dy't wier allinnich binne.

17 Aldsten dy't de lieding hawwe en dat goed dogge, kinne oanspraak meitsje op in dûbeld bedrach, benammen dy't har ôfmêdzje mei ferkundiging en oanwizings. 18 De Skrift seit ommers: In terskjende okse moatst de bek net bine, en: De arbeider is syn lean wurdich.

19 In klacht tsjin in âldste moatst net yn behanneling nimme, útsein op it gesach fan twa of trije tsjûgen. 20 As sa'nes al mis is, moatst him op it harspit nimme dêr't alle âldsten by binne, dat de oaren ek yn goedens wolle.

21 Foar it antlit fan God en Kristus Jezus en fan alle útferkarde ingels stean ik der by dy op oan datsto oan al dy dingen fêsthâldst, sûnder miening foarôf en sûnder dy liede te litten troch foarkar. 22 Moatst ien net te gau de hannen oplizze en dysels net mandêlich meitsje oan in oar syn ferkeardichheden. Moatst dysels suver hâlde. 23 (Mar moatst ophâlde allinnich mar wetter te drinken, kinst der better foar dyn mage en al dyn kwalen in bytsje wyn by dwaan.) 24 Guon minsken geane har ferkeardichheden dúdlik en klear foarút ûnderweis nei it oardiel, oare minsken komme se pas letter efteroan. 25 Krektsa, goede dieden binne dúdlik en klear – mar wat oars is, kin net ferburgen wurde.

6.1 Dy't ûnder it jok sitte, slaven, moatte har masters alle ear weardich achtsje, dat der gjin ferkeards sein wurdt oer God en de nije rjochting. 2 En guon dy't masters hawwe dy't leauwe, moatte har net omleechhelje omdat it no har bruorren binne, mar se moatte nammerste mear harren tsjinner wêze. Want guon dy't har derfoar sette om goed te dwaan, kinne de lju op oan en binne se wiis mei. Dat moatte dyn oanwizings en dyn goeried wêze.

3 As ien in ôfwikende lear ûnderwiist en net dwaande is mei heilsume wurden, dy fan ús Hear Jezus Kristus, en mei de oprjochte oanwizings, 4 dat is in stik eigenwiis, ien dy't neat wit mar al de sykte hat fan strideraasjes en tsierderij. Dêr komt oars neat fan as oergeunst, rúzje, kweasprekkerij, ferkearde gedachten, 5 spanningen sûnder ein, sa't men kriget mei minsken fan wa't de holle op 'e rin is en dy't de wierheid kwyt binne, guon dy't miene, it libben dat op God rjochte is, smyt jild op.

6 Ja, it libben dat op God rjochte is, smyt gâns op – as ien mei genôch tefreden is. 7 Ommers, wy hawwe neat meibrocht nei dizze wrâld. Dus: wy kinne hjirwei ek neat meinimme. 8 En: as wy te iten hawwe en wy hawwe klean, dan sille wy dêrmei tefreden wêze moatte. 9 Mar dy't graach ryk wêze wol, bedarret yn 'e fûke fan 'e ferlieding en skipet gâns healwize en ferkearde begearten, guon dy't de minsken yn 'e fernieling en de ûndergong

stoarte. 10 Want jildsucht is de woartel fan alle kwea. Dy't dêrop út binne, binne net mear op it rjochte paad fan it leauwe en helje harsels in protte aaklikheid oan.

11 Do lykwols, nije minske, moatst dy fier fan soks hâlde. Rjochtfearnich te wêzen en op God rjochte, dêr moatst efteroan, trou en leafde, geduld en sêftens. 12 De skoandere striid fan it leauwe, dy moatst stride. Gryp it ivige libben, dêr'tst ta roppen bist en dêr'tst de kostlike ferklearring ta ôflein hast foar in protte tsjûgen. 13 Foar God dy't alles it libben jout en foar Kristus Jezus dy't ûnder Pontius Pilatus syn kostlik tsjûgenis ôflein hat, jou ik dy mei 14 om sûnder flaters en sûnder dat ien der wat op sizze kin oan dyn opdracht fêst te hâlden, krekt sa lang dat ús Hear Jezus Kristus wer ferskynt. 15 Dat sil op syn eigen tiid bekend meitsje:

de loksillige en iennichste machthawwer,
de kening fan elk dy't kening is,
de hear fan elk dy't hearsket,
16 dy't as iennichste net stjerre sil,
dy't wennet yn ûntagonklik ljocht,
dy't gjin minske sjoen hat
of by steat is te sjen –
sines is de ear en de ivige macht.
Amen.

17 Do moatst de riken fan dit tiidrek hjitte om net op oaren del te sjen en net ôfhinklik te wêzen fan 'e ûnwissichheid fan rykdom, mar fan God dy't ús alles ryklik tapartet om fan te genietsjen, 18 om it goede te dwaan, ryk te wêzen yn goede dieden, ree om wei te jaan en te dielen, 19 en sa foar harsels in skoander basiskapitaal oer te garjen foar de takomst, dat se dan it wiere libben rikke kinne.

20 Timoteüs jonge, pas goed op wat dy tabetroud is, mei'tst dy ôfkearst fan it plat en sinleas praat en tsjinpraat fan 'e sabeare kennis, 21 want as minsken dêrmei oankomme, binne se op it mêd fan it leauwe it paad kwyt. Mei de genede mei jimme wêze!